

# Splitscreenportret fan in ûntspoard houlik

F20 20-6-'9

## Roman

troch Jaap Krol

**G**eartsje is troud mei Abe. Se hat in suster Teatske en leafhawwende âlden, dy't allegear in hekel oan mispunt Abe hawwe - en oarsom. Abe is dan ek in nuvere snuter: in fuotbaljende bierdrinker, dy't de hantsjes wolris wapperje lit. Elke wurkdei giet er mei tsjin sin mei de trein nei syn wurk. Geartsje hat it dus net maklik, ek om't se ûnder druk set wurdt te skieden, foaral troch suster Teatske, dy't sels ek skieden is.

Dy trein is ek it wurkterrein fan fjouwer tsjustere Poalen, dy't yn it geheim in oanslach taryede op in moan-

deitemoarn. Foar Geartsje, har bern en de oare famylje liket dizze oanslach in omslachpunt yn it libben te wurden.

### Unfermogen

*De acht foar achten trein* is in saneamde splitscreenroman: alle personaazjes operearje om itselde barren hinne, elk mei in eigen lettertype. Dy fertelfoarm is yn dizze roman radikaal. De dekors wachtsje net op inoar, mar brekke yn as de ien noch dwaande is mei in hanneling of sin. It leit relaasjes bleat, sa't relaasjes trochgeans binne: it kin noch sa spesjaal wêze, elke omgong mei in oar hat ek wat banaals. Yrritaasjes

en nuvere gewoanten kinne ien gék meitsje. Dy yrritaasjes en gewoanten geane ek net fuort, mar foarmje de dagen, moannen en jierren mei. *De acht foar achten trein* is dan ek in boek oer ûnfer-

## Yrritaasjes en nuvere gewoanten kinne ien gék meitsje

mogen. Oer goed mienende minsken, dy't fierders ek mar wat oanrommelje en faak de

gewoante hawwe om op in beslút werom te kommen.

Wat dat oanbelanget fyn ik de relaasje tusken Abe en Geartsje net iens sa hiel skerp. Abe hat foaral in allemachtige plaat foar de kop en liket gjin krommeltsje yntelliginsje te hawwen. It ferhaal leit foaral de muoisume relaasje bleat tusken Teatske en Geartsje. Fansels is der de susterlike bân, mar jo hoege gjin yllúsjes te hawwen oer dy twa as it boek út is, de stille tocht west hat en der in monumint by it plak fan de ramp stiet. Werkenning en jaloerskens, moederaasje en eigenbelang geane hân yn hân. Allessizend is de aksje fan de bemuoisuchtige Teatske, as se

yn de betiizjende nijsberjochten by Geartsje delkomt, de regy oernimt en earst in pear gehakballen draait.

Kostlik. Friezen hawwe gjin humor, want irony en humor binne seldsum yn de Fryske letteren. Lokkich binne de pear útsjitters yn 'e goeie hannen fan Trinus Riemersma, dy't mei dizze roman mar wer ris bewiist ien fan de meast eigensinnige skriuwers te wêzen.

**1** *De acht foar achten trein.*  
Trinus Riemersma. Venus, 16,90 euro

